

Bijlage HAVO  
**2017**

tijdvak 1

**Fries**

Tekstboekje

### Fingerseintsje by Brahms wol 40.000 kear op en del

Alle harpespilers en flamenkogitaristen krije op in bepaald stuit klachten. Foar bassisten leit it persintaazje sels op 80 prosint. *Revalidatie Friesland* hâldt him dwaande mei ferskate muzykblessueren.

(1) It is alwer fiif jier lyn dat de refalidaasjedokter Kees Hein Woldendorp trombonist Bauke Kalma behannele foar syn seare boppelippe. As se no tegearre klearstean foar de Leeuwarder Courant-fotograaf sjocht Woldendorp noch wat oars oan Kalma dêr't er om tinke moat. Hy knypt fierstente hurd yn it skostik fan syn tromboane. As dat te lang duorret, dan komt de bloedsomrin fan de spieren stil te lizzen. Neffens Woldendorp kin in musikus somtiden wol mei 10 prosint fan de ynspanning ta en dan spilet er noch moaier ek. "Moatst dy ris yntinke dat it in lyts fûgeltsje is datsto yn de hân hast en datsto dat dan deaknypt asto dyn spieren te folle oanspanst."

(2) In fiifde fan alle Nederlanners dûnset of makket muzyk, wat te ferlykjen is mei it tal Nederlanners dat oan sport docht. *Revalidatie Friesland* hat in ôfdieling dy't him spesjalisearret yn muzykblessueren. Dy rjochtet him op beropsmuzikanten dy't harren wurk net mear goed dwaan kinne. Sy hâlde harren ek dwaande mei amateurs dy't nei in ûngemak, in beroerte of wat oars op in oanpaste wize dochs trochgean wolle mei muzykmeitsjen.

(3) Kees Hein Woldendorp makket sels ek muzyk yn syn frije tiid. Hy bespilet fioele, gitaar en ferskate oare ynstruminten dy't by de lerske muzyk hearre. De klachten dy't er krige fan muzikanten brochten him op

it idee om him as refalidaasjedokter te spesjalisearjen yn muzykblessueren. Neffens him is muzykmeitsjen topsport. "Wa't it fioelekonsert fan Brahms spilet, beweecht it fingerseintsje fan de middelfinger fan syn linkerhân 40.000 kear op en del. Dat is in geweldige prestaasje. Betink dêrby dat in fioelespiler faak sa'n acht oant tsien oeren spilet op in dei. Oer Jimi Hendrix<sup>1)</sup> wurdt wol sein dat er achttjin oeren op in dei op syn gitaar oan it tokkeljen wie. Der wurde folle hegere easken oan steld as oan topsport. In sprinter hat 10 sekonden om de 100 meter te rinnen en hoecht dêrmei mar ien kear te pykjen op in dei." Bauke Kalma falt him by: "In sporter spesjalisearret him yn ien discipline, mar in musikus moat alles kinne; sprinte en de lange ôfstannen rinne. Repetearje, yn it orkest spylje, solearje, lesjaan, hy docht it soms op ien dei."

(4) De measte blessueren ûntsteane troch it bespyljen fan ynstruminten dy't om in asymmetryske hâlding freegje. Berucht binne ynstruminten lykas de tromboane, de fioele en de kontrabas. Dêrneist binne it de ynstruminten dy't freegje om in soad krêft (de basgitaar) of om in gigantysk hege snelheid (it slachwurk) en sa ta in soad blessuereleed liede. It alderslimst binne miskien noch wol de harpe – dêr't skouders en fingers by belêste wurde – en de flamenko-

gitaar. De lêste om't de snaren op in spesjale wize oanslein wurde moatte.  
**(5)** Muzikanten prate hast nea oer  
80 harren problemen. Dêr liket sels in taboe op te lizzen. Dat jildt noch folle mear foar de psychyske problemen. Muzyk is emoasje en muzikanten binne faak yntelliginte minsken mei  
85 krekt wat mear selskrytyk as trochsneed. Dat soarget gau foar spanningen. Dêr komme dan de spanningen fan it fak sels ek noch by. Tink mar ris oan de audysjes dy't  
90 elke muzikant sa no en dan dwaan moat. En dan is der noch de eangst foar it oardiel fan oare muzikanten. Neffens Woldendorp wurdt dat troch

de besunigingen by de orkesten  
95 allinne mar slimmer. "Eartiids koesto wol fjirtich jier by in orkest wurkje. No binne de muzikanten deabenaud om wat ferkeard te dwaan. Asto ris de c spilest wylst it de noat cis wêze moat,  
100 dan wurdt dêr wiken oer praat. It stikt oeral fan de jonge muzikanten dy't mar al te graach it plak fan in oar ynnimme wolle."  
**(6)** Woldendorp hopet dat syn  
105 krewearjen by orkesten, konservatoariums en oare ynstellingen liede sil ta sawol it bewustwurden fan muzykblessueren, as ta it foarkommen dêrfan.

*naar: Sietse de Vries, Leeuwarder Courant, 2 november 2013*

noot 1 Jimi Hendrix wie in wrâldferneamde Amerikaanske gitarist en singer-songwriter yn de jierren '60.

### Lûden fertelle it ferhaal fan de omjouwing

(1) It rûzjen fan de wyn troch de boskjes. It ronken fan it pontsje. It ûnregelmjittige lûd fan drippen reinwetter dy't fan beammen en  
5 planten op 'e grûn en yn de wetterplassen falle. Dat binne de lûden op samar in gewoane jûntiid yn jannewaris op it eilân De Burd by Grou. Hjir wennet Tjeerd Andringa  
10 (1964) haaddosint *Auditory Cognition* oan de Ryksuniversiteit fan Grins, dy't him in grut part fan de tiid dwaande hâldt mei lûd: *soundscapes*, om krekt te wêzen.

15 (2) “Der is eins net in goed Frysk of Nederlânsk wurd foar it Ingelske *soundscape*”, begjint Andringa syn ferhaal. “Ik neam it altyd in lûdsomjouwing dêr't immen diel fan  
20 útmakket. It is eins it tsjinoerstellde fan de normale normative wurkwize, wêrby't it allinne mar om desibellen giet. By *soundscape* giet it om it gefoel dat lûd opropt. Is in lûd noflik  
25 of net? Sit der in soad yn it lûd of krekt net? Watfoar emoasjes ropt it op? De taal fan *soundscape* is kompleks. Ferskate lûden kinne inoar fersterkje en byinoar it ferhaal fan de  
30 omjouwing fertelle. It tagelyk hearren fan it lûd fan piken, kij, fûgels en de boer oan it wurk as in gehiel, kin in harmoanysk gefoel oproppe.”

35 (3) “Spitich genôch ûnderfine wy dat gefoel net mear sa bot. Yn de stêd bygelyks wurde in soad lûden troch it ferkear en apparaten lykas airco's maskearre. Soest it lûd fan it ferkear fuorthelje, dan hearst bûten hiel oare  
40 dingen. It blaffen fan in hûn, bern dy't boartsje of in frou dy't it hûs skjinnmakket. Dat binne noflikke lûden om

te hearren, dêr't minsken harren feilich by fiele. It saaiere stereotipe lûd  
45 fan ferkear is de rûs yn de wrâld. It lûd sels is eins net iens sa ferskriklik, mar it maskearret de lûden dy't wy leaver hearre wolle. Troch de saaiere lûden is it lûd fan it eigene fan  
50 doarpen en stêden der hast net mear.”

(4) Op it stuit is Andringa drok oan 'e gong mei de tarieding foar in nij  
ûndersyk by soarchynstelling Talant  
55 yn Drachten. It is de bedoeling dat in oantal kliïnten frijwillich in skoftke op in poef yn in spesjale kast sitten giet. Yn dy kast is in lûdsysteem boud dat in 3D-effekt jout. It jout harkers sterk  
60 it gefoel dat se part fan de omjouwing binne. Sy binne dielnimmer oan it lûd yn plak fan taskôger. Andringa sil dan ûndersykje hokker lûden oft noflik binne.

65 (5) “Soarchynstellingen foar minsken mei in ferstanlike beheining hawwe nea wat mei lûd dien. Dat is ûnderbeljochte. Dêr kin in soad winst behelle wurde. It auditive part fan de harsens  
70 fan minsken mei in ferstanlike beheining is faak normaal ûntwikkele, better as it fisuele diel. Troch te witten hokker lûden oft kliïnten noflik of krekt net noflik fine, kinne se  
75 problemen foar wêze. Want lûd docht mear mei ús as dat wy yn 'e gaten hawwe”, seit Andringa. “De harsenstam bepaalt oft wy ús noflik fiele op basis fan lûden. Hearst feilige en  
80 noflikke lûden, dan seit de harsenstam datst dy ûntspanne kinst. En dat is wer goed foar it ymmúnstysteem, kinst better sliepe en hast minder stress.”

85 **(6)** “Elk gebiet hat syn eigen lûden,  
 dat jildt ek foar Fryslân”, giet  
 Andringa fierder. “Bygelyks it lûd fan  
 greidefûgels. Wy wenje no tolve jier  
 op De Burd en it tal greidefûgels is  
 90 hjir yn dy tiid flink ôfnommen, dat lûd  
 wurdt hieltyd minder. In oar typysk  
 Frysk lûd is it lieden fan de tsjerke-  
 klokken op de doarpen. Dat lûd kin  
 foaral by âldere minsken hiel djip  
 95 sitte. Der is in grut ferskaat oan  
 Fryske lûden. Sa binne der ferskillen-  
 de wynlûden: de wyn troch it reid,  
 troch de beammen, troch it gers of  
 oer it wetter. Dêrneist hast fansels it  
 100 lûd fan it fierljeppen en it keatsen. It  
 lûd fan de Fryske taal heart ek yn dat  
 rychje thús. It hearren fan de taal kin  
 ek bepaalde gevoelens by minsken  
 oproppe.”

105 **(7)** “In pear jier lyn waard de foarstel-  
 ling *Lûd* op Governors Island yn  
 Amearika fertoand. Sytze Pruikma  
 komponearre dêrfoar it lûd fan it  
 Fryske lânskip en de greidefûgels.  
 110 Friezen om utens dy’t al jierren yn  
 Amearika wennen en nea lêst fan  
 ûnwennigens hiene, krigen dat by it  
 hearren fan dy lûden ynienen wol. Sa  
 djip kin dat dus sitte.”

115 **(8)** Andringa fynt dat wy wer nei in  
 wrâld mei in minsklikere mjitte ta  
 moatte. Dy’t wat lûd oanbelanget net  
 dominearre wurdt troch saai en  
 stereotipe lûden lykas dy fan auto’s.  
 120 “Wy kinne fansels net alle auto’s  
 fuortdwaan of alle diken omlizze. Wat  
 wy wol dwaan kinne, is it ferkear  
 stadiger ride litte of al it swiere

ferkear oer in oare rûte liede. Wat ek  
 125 kin, is alle parkearplakken bûten de  
 doarpen oanlizze en de doarpen as  
 kuiergebiet bestimpelje, dêr’t bern  
 boartsje kinne.”

**(9)** Neffens Andringa wurdt de impact  
 130 fan lûd op minsken noch net hiel  
 serieuus nommen yn ús lân, lit stean  
 dat der belied foar makke wurdt. “Mar  
 de tiid is dêr no wol nei. Der is in  
 soad dien út de saneamde normative  
 135 oanpak wei, dy’t allinne mar fan  
 desibellen útgiet. Der is no grut ferlet  
 fan om alles kwalitatyf better te  
 meitsjen. De oerheid lûkt him werom,  
 wy moatte it mear sels en mei-inoar  
 140 dwaan. Dat is it tema dêr’t elkenien it  
 oer hat: de partisipaasjemaatskippij  
 of – sa’t wy dat yn Fryslân ek wol  
 neame – de ‘mienskip’.”

**(10)** “De globalisearring hat in protte  
 145 brocht, mar troch de sintrale autoriteit  
 dy’t ûntstien is, is alles itselde. Dat  
 jildt ek foar lûd. Dêrom moatte wy  
 alles lokaal optimalisearje en moatte  
 wy in autoriteit yn eigen omjouwing  
 150 wurde. Sa kinne wy bepaalde  
 situaasjes feroarje. Op it stuit steane  
 sels de nauste strjitsjes yn de  
 binnenstêden fol mei auto’s, mar wy  
 kinne beslute dat wy se fuorthelje  
 155 wolle. Dan hearst wer folle mear oare  
 lûden. Hoe’t it krekt allegearre  
 komme moat, dêr moatte wy mei-  
 inoar efter komme. Wat tûker oft wy  
 mei ús omjouwing omgeane, wat  
 160 moaier oft de wrâld mei syn lûd  
 wurdt.”

*naar: Wendy Kennedy, de Moanne, jaargang 13, nummer 1, januari 2014*

### De wearde fan skiednis

(1) Stel dat wy de wearde fan skiednis berekkenje kinne soene, lykas wy de wearde fan in hûs of in pûn goud berekkenje kinne. Wat soe  
5 'skiednis' dan wurdich wêze? It is in healwize gedachte fansels, om't de ekonomyske wearde fan skiednis net te berekkenjen falt.

(2) Mar lit ús it dochs ris besykje.  
10 Wat soesto der foar oer hawwe ast nei in skiedniswinkel moatte soest om in pakketsje famyljeskiednis? De winkel ferkeapet ek pakketsjes lokale skiednis. Bygelyks oer wa't eartiids  
15 yn jimme hûs wenne hat. En wat soesto betelje wolle foar de skiednis fan jimme strjitte, jimme doarp, jimme stêd? Der is ek in protsje skiednis te krijen fan it lân dêr't wy yn wenje.  
20 Hokker pakketsje is lykwols it measte wurdich? Dat sil skommelje as oandielen fan multynasjonals.

(3) Wie skiednis eartiids kostber? Histoaryske gebouwen waarden  
25 maklik sloopt, lykas de âlde stins Liauckama. It ôfbrekken levere jild op, want de stiennen koene wer brûkt wurde. En dus waard it prachtige slot by Seisbierrum yn 1824 mei de grûn  
30 lyk makke. Alde manuskripten koene brûkt wurde om aaien yn te ferpakken of om de kachel mei oan te meitsjen. Mar kennis fan skiednis, hie dy beurswearde? Ik bin bang fan net.  
35 Kenners fan histoarje wiene net de gewoane lju, mar in pear eksintrikelingen út de boppelaach fan de befolking.

(4) Hoe oars is dat hjoed-de-dei. De  
40 sjuery fan de *Libris Geschiedenisprijs* krige dit jier mear as trijehûndert titels fan boeken oer de Nederlânske

skiednis tastjoerd. Der is in tanimmende belangstelling foar skiednis  
45 yn Nederlân. De stúdzje skiednis lûkt de measte studinten fan de fakulteiten geasteswittenskippen, alle wiken promovearret wol ien op in histoarysk ûnderwerp. Der binne  
50 mear, en benammen bettere, searjes oer histoarje op telefyzje as sa'n tweintich jier lyn. Der is sels in ekstra skiedniskanaal. Der ferskine mear biografyen as ea en de belangstelling  
55 foar lokale skiednis is tige grut.

(5) Mar wat betsjut skiednis no krekt yn ús maatskippij? Wêrom fine wy it mei-inoar wichtich dat der lesjûn wurdt op skoallen yn skiednis, dat  
60 monuminten net ferlern geane, dat der ynformaasje oer skiednis beskikber is? Wat hast oan skiednis? Wy nimme tsjintwurdich hiel maklik oan dat skiednis neat oars is as 'in  
65 ferhaal fertelle' en dat der gjin lessen út te lûken binne, en dat de skiednis bewiist dat dat ek nea bard is. It probleem is neffens my net dat skiednis gjin lessen leart, mar dat de  
70 lessen net leard wurde. Skiednis leart ús wol deeglik lessen, mar wy witte se net te brûken.

(6) Ik sjoch yn skiednis de funksje fan dokter, skoalmaster en rjochter  
75 byinoar kommen. Skiednis kin, as it objektyf besjoen wurdt, oardielje en dêrtroch kinne takomstige misslaggen tefoaren kommen wurde. Betingst is dat minsken wiis genôch  
80 binne om de lessen dy't de skiednis ús oanlanget, oannimme wolle. Us oerlibbingskânsen yn de maatskippij wurde grutter as wy histoarysk besef hawwe, omdat wy dan in kar meitsje

85 kinne op grûn fan in grut reservoir  
oan kennis.

**(7)** Skiednis leart hoe't de maatskippij  
groeit is, hokker foarûnderstellingen  
oft der binne en oft dy fan wearde  
90 binne. Tagelyk lit skiednis sjen wat  
der ferkeard gongen is, en hij jout  
dêrtroch de mooglikheid om jin yn it  
foar bewust te wêzen fan gefaren en  
dy te ûntrinnen. Hij lit ek sjen wat der  
95 goed gongen is, bygelyks troch de  
moed fan inkelingen. Dêr kinne oaren  
wer hoop út helje.

**(8)** Mar skiednis hat net allinne in  
kennisfunksje. Der is ek noch  
100 sokssawat as de weemoed fan  
skiednis. En kompassy hawwe mei

de minsken út it ferline. Skiednis  
helpt by it yn libben hâlden fan al ús  
foarâlden dy't ús makke hawwe ta  
105 wa't wy no binne. It jout drôfenis om  
wat ferlern gongen is, mar tagelyk in  
loksillich besef fan de ûnfergonkli-  
kens fan it ferline. De skriuwer Jan  
Jacob Slauerhoff is by útstek de  
110 dichter fan it langjen nei it ferline. Hy  
neamt skiednis "t fluisteren van  
Weleer".

**(9)** Dat flústerjen fan de skiednis  
kinne wy sels hearre litte en wy kinne  
115 der sels nei harkje. Dat weemoed-  
pakket is it kostberste út de winkel  
dêr't se skiednis ferkeapje.

*naar: Marita Mathijssen, Leeuwarder Courant, 3 oktober 2014*

*De teksten die voor dit examen gebruikt zijn, zijn bewerkt om ze geschikt te maken voor het examen. Dit is gebeurd met respect voor de opvattingen van de auteur(s). Wie kennis wil nemen van de oorspronkelijke tekst(en), raadplege de vermelde bronnen.*

*Het College voor Toetsen en Examens is verantwoordelijk voor vorm en inhoud van dit examen.*